

## Loft- en wetter-akrobaten

*Dat nimt net wel dat it publyk him skoan formakke en (wiete) waer foar syn jild krige. Der waerden moaije stikjes loft- en wetterakrobatyk fortoand. Dat kaem trochdat forskeate ljeppers har aspiraesjes en jinte fierder rikten as hja ljepe koene. Sommigen skeaten it loft-rom yn as woene hja de Echo-balloh efternei. Oaren gongen spinnepoatsjend oer it wetter. De priis foar de sierlikste loftflytser soe Hindrik Twijnstra fan Waaxens hawwe moatten hawwe. L. van der Sloot út Winsum makke yn de loft in hiele slach yn de rounte, mar kaem goed oan 'e oare kant tolânne. Sommigen bisletten as hja midden boppe de leart hongen en de pols op it deade punt stie, net rjocht troch nei de oare kant to ljeppen, mar dwers oer de Sint Japik yn it lang lâns to ljeppen. J. Sjoerdsma út Grou lei sa de fierste ôstân oer it wetter*

*ôf. Oaren sakken rjocht by de pols del en waerden stil wel yn it swarte wetter. J. Riemersma út Hiaure, dy't net swimme koe, moast as in echte drinkeling rêdden wurde. H. Roorda út Froubuorren sprong him efternei en brocht him op de wâl. Mei dy sprong fortsjinne er de fjouwerkleure-ballopoint, dy't blakikber steld wie foar dyjinge, dy't it moast yn 't wetter tolânne kommen wie.*

## Sawn klassen

By de jonges fan trettjin ont en mei fyftjin jier wie IJ Kroodsma fan Betterwird de bêste ljepper mei in sprong fan 9,95. R. Papa fan Ingelum wie ek in prachtige, rêstige springer; hy waard twadde mei 9,80 meter. Trêdde wie G. Bakker út Winsum mei 9,54 meter.

By de juniores skittere Tamme Veldstra fan Baerd lykas er ek op de iisbanen en keatsfjilden útblinkt. Hy makke 11,70 meter. Twadde yn dizze klasse waard K. Schaapsma út Oentsjerk mei 11,28 en trêdde J. Kroodsma út Betterwird mei 11,19 meter.

By de manlju fan njoggentjin ont en mei tritich jier seagen greate ljeppers as Tj. Idzardi fan Froubuorren, Klaes Dykstra fan Mounain en D. Jullens fan Lekkum har hege aspiraesjes yn de Sint Japik fordrinken. T. Stelpstra út Ljouwert woun mei in sprong fan tolve meter krekt, Jan Terpstra út Stiens waard twadde mei 11,87 en Piet Zwart út Wergea trêdde mei 11,81 meter.

By de manlju ont en mei fjirtich waard de Drachtster atleet J. Lammers earste mei 11,64. De twadde priis wie foar G. Gosma út Readtsjerk (11,64) en de trêdde foar B. Dykstra út Aldtsjerk (10,84). By de manlju tusken fjirtich en fyftich jier waard Joh. Zwart út Wergea ûnder great enthousiasme fan it publyk earste mei 8,57, S. Woudstra, Aldtsjerk, twadde mei 8,56 en L. Jongema, Jorwerd, trêdde mei 8,33 meter.

Two mannen diene der mei by de manlju

oeppe de fyftich jier: Franke Ozinga út Drachten (51 jier), dy't woun mei 8,45 meter en Reinder Wynia út Wurdum (63 jier), dy't ûnder oantrúnjen fan syn kampioenssoan Jan Wynia („rinne heit, rinne!") krekt mei de hakken oer de sleat keam (7,55).

By de fammen klapte Aukje Spiekstra, Wergea, direkt al sa ûngelokkich op de oare wâl del, dat de dokter der by komme moast. In greate, swarte, sterke man út Marssum droech har op syn earmen as yn in Hollywoodfilm foar de tûzenen lâns. Hja hie lykwols 8,27 meter sprongen en waard dermei trêdde. Oan it kampioensljeppen koe hja net mear meidwaen. Dat waard in susterlike striid tusken Hiske en Sytske Penninga út Sint Anna, dy't 8,88 en 8,65 meter ljept hiene. Hiske waard kampioene mei in sprong fan 8,93 meter.

## It kampioensljeppen

Oan it kampioensspringen fan de manlju diene seis ljeppers mei. Jan Lammers út Drachten makke earst in sprong fan 11,40. Dykstra fan Aldtsjerk kaem in moai ein fierder: 11,83 meter. Mar de tolve-meter-sprong van Stelpstra wie noch net forbettere. Doe kaem Jan Wijnia fan Wurdum op de springbarte. Soe er wer kampioen wurde kinne lykas forline jier? Soe er de medalje fan Prins Bernhard winne kinne? Hy sette de jinte, sa fier mooglik. Hy naem in greate oanrin earne, út in steech wei. Hy skeat as in raket op de pols yn. Hy klom oan it topke fan de pols ta. De pols stie hast stil. Langsaem kaem er oer it deade punt. „Ja, ja!" raesde it publyk. Mei in machtige sprong skeat Wijnia oer de tolve-meter-line hinne. Der waard metten en skreaun. In buordisje gong omheech: 12,26 meter! It folk hantsjeklapte. In kenningsprong! Sa fier wie der noch nea ien ljept yn Winsum! Mar der wiene mear: Piet Zwart, in gefaerlik konkurrint. Mar hy ljepte efkes skeef en kaem net fierder as 11,84. Jan Terpstra gokte mei in greate jinte en foel der yn. Allyksa T. Stelpstra, dy't lyk foar de fotografen tolânne kaem en roerleas foar har stean bleau sa't er delkommen wie. Doe kaem de twadde runde. Lammers soe it nochris bisykje. Hy makke in ûnwtitend hege sprong, mar foel by it delkommen justkes efteroer: 12,05 meter. Noch wie it gefaer net foarby. Dijkstra sprong 12,10 meter! Mar Piet Zwart, Jan Terpstra en T. Stelpstra plûmpten mei har kampioenskânsen yn it wetter en Jan Wijnia koe op de skouders gean foar de tv-kamera's.

Der moast ek noch in juniores-kampioenskip forljept wurde. Tamme Velstra, kampioen fan forline jier, K. Schaapsma en J. Oegema forspilen har kânsen troch to greate jinten. J. Kroodsma seach syn kânsen ek fordrinken. S. Lok út Baerd ljepte 11,05 en 11,20. De kampioenssprong kaem fan G. Valkena fan De Jouwer: 11,84